



**Christen
Unie**



Amendement ex art. 35 reglemint fan oarder foar de gemeenteriedsgearkomste fan de gemeente Heerenveen

Fan : FNP

Oan : De foarsitter fan de ried

Agindapunt : 8

Underwerp : **Eigen bydrage keunstgersfjild
Heerenveense Boys**

De ried yn iepenbiere gearkomste byinoar : **16 desimber 2019**

Stelt de wiziging fan it foarstelde beslút foar:

- De senario's 1 oant en mei 4 ferfalle te litten en dizze ferfange te litten troch in nij senario 5 (sjoch it beslút).

Taljochting: De ried stelt fêst dat

- Breedtesport ien fan de fûneminten is fan it sportbelied fan de gemeente Heerenveen.
- Keunstgersfjilden ideale mooglikheden binne om breedtesport te fersterkjen.
- De Heerenveense Boys in twadde keunstgersfjild nedich hat om har leden op in optimale wize sporte litte te kinnen.
- De feriening net de finansjele romte en mooglikheden hat om te foldwaan oan it belied fan de gemeente om in tredde fan de finansiering fan in 2^e keunstgersfjild sels op te bringen.
- Der yn oerlis mei de organisaasje wol sjoen is nei in alternative finansiering troch ûnderhâld oan de fjilden twa jier út te stellen, wêrmei der 2 x 50.000 euro besparre wurde koe.
- Dit jild brûkt wurde koe foar de eigen finansiering fan it keunstgersfjild.
- Hjirnei ferwachting wekt binne.

Beslút:

Foar de oanlis fan in 2^e keunstgersfjild foar Heerenveense Boys in útsûndering te meitsjen en 100.000 euro ekstra beskikber te stellen foar in 2^e keunstgersfjild en de finansjele mutaasje mei te nimmen yn it sammelbeslút 2020-1.

Yntsjinne troch: FNP, CU, HL

Dit amendement is:

☐ Oannommen ☐ Fersmiten ☐ Ynlutsen

Stimferhâlding: Fraksje(s) foar: _____ Fraksje(s) tsjin: _____

Hantekening griffier: